

Jierferslach 2025 Regionale Mediaried fan Omrop Fryslân

Yn 2025 hat de Mediaried 4 kear by inoar west, alle kearen wie de haadredakteur en de bestjoerder fan Omrop Fryslân der by oanwêzich. De Mediaried is by wetjouwing yn it libben roppen om fanút ferskate befolkingsstreamen it Programmabelied te bepalen en nei te gean oft yn de praktyk dêr ek neffens hannele wurdt.

By eltse gearkomste is der in refleksje op it programmaanbod, basearre op ynformaasje fan de haadredakteur. Dêrneist wurdt it simmer- en it winterprogramma op haadlinen mei de Mediaried trochpraat.

De Mediaried hat foar it jierplan 2025 bepleite om mear oandacht te jaan oan de problematyk fan de bewegingsearmoed. Yn 'e praktyk bliek dat lestich foarm te jaan, it is foaral yndirekt oan bod kaam trochdat der in soad omtinken jûn wurdt oan de ferskate sporten en it tema is yn praatprogramma's oanstipt.

As ynput foar it tema Ferhalen yn 2026 hat ús ried meijûn om yn 'e oanrin nei de gemeenteriedsferkiezings oandacht te besteegjen oan it belang fan de lokale polityk.

Yn 2025 is der in nij elemint taheakke: yn elke gearkomste wurdt ien programmaûnderdiel beneamd dat de Mediaried de kommende perioade kritysk folgje sil. By de folgjende gearkomste wurde de opfallende saken fan dat programma meiinoar bepraat en eventuele advizen ta ferbettering wurde trochjûn. Sa is der kritysk sjoen nei ûnderdielen sa as: it televyzjeprogramma Hjoed; de Omrop App en it (fernije) radioprogramma Fryslân fan 'e moarn. Der is op 'e nij in delegaasje fan de Mediaried nei de lanlike dei fan de Mediaried west: it bliek in nijsgjirrige dei mei oandacht foar "gekleurd" nijs en Artificial Intelligence.

Yn 2024 hat der foar it earst in bysûndere byienkomst, in achterbanrieplichting plakfûn om nei te gean hokker tema's aktueel binne by organisaasjes dy't hearre by de befolkingsstreamingen dy't in sit ha yn de Mediaried. Der is keazen om de achterban fan it tema Natoer en Lanskip ris te hifkjen oer harren befiningen: hoe't de Omrop omtinken oan it tema jout en oft der oer en wer ek advizen/suggestjes libje. Der is ôfpraat om sokke byienkomsten faker yn te plannen. It is de bedoeling om yn it twadde fearnsjier fan 2026 in soortgelikense byienkomst te hâlden oer it tema AI. Sa't it no liket sille ûnderwiisinstellings en wurkjouwers dêr foar útnûge wurde. De tarieding hat plakfûn yn it jier 2025 .

We binne yn 2025 troch de bestjoerder op 'e hichte hâlden fan de stappen dy't dien wurde moatte om yn oanmerking te kommen foar de regionale útstjoerkonsesje foar de perioade fan 2026-2030. Provinsjale Steaten hat hjiroer in swierwagend advys útbrocht. Om't bliken die dat der neist Omrop Fryslân noch in gadingmakker har oanmeld hie, fûn de Mediaried it saak om fia in brief oan Provinsjale Steaten oan te jaan dat neffens de leden fan Mediaried de streamingen dy't hja fertsjinwurdigje it bêst betsjinne wurde troch op 'e nij Omrop Fryslân foar te dragen as regionale publike omrop.

Uteinlik hat bliken dien dat it "Commissariaat van de Media" op 'e nij ús Omrop oanwiisd hat. Dêr binne we fansels tige mei ynnommen en yn ús gearkomste hawwe wy ús wurdearring útsprutsen oer hoe't it bestjoer dit dochs wol spannende proses oppakt hat.

Sa is der yn 2025 wer hiel wat by ús op tafel kaam en hawwe wy der yn in konstruktive setting meiinoar en mei de bestjoerder en haadredakteur oer te gear west.

Ut namme fan de Mediaried,

Doeke A.Fokkema,
Foarsitter

Roaster fan ôfgean:

| Namme | Organisaasje | Datum beneaming | Datum werbeneaming | Ôf neffens roaster |
|------------------------|---|-----------------|---------------------|--------------------|
| A. Lindeboom-Jager | Freonen fan Omrop Fryslân | 19-05-2025 | Gjin twadde termyn | 19-05-2029 |
| T. Lageweg | Wurkjouwers VNONCW | 21-11-2022 | 21-11-2026 | |
| P. Kooistra – de Groot | Natuer en miljeu It Fryske Gea | 30-09-2024 | 30-09-2028 | |
| D.A. Fokkema | Deskundige bestjoer foarsitter | 01-09-2022 | 01-09-2026 | |
| N. Beetstra | Fryske Taal en Kultuer de Fryske Beweging | 01-09-2022 | Gjin twadde termijn | 01-06-2026 |
| Fakant | Wurknimmers FNV | | | |
| A.J. de Vries | Sport en rekreaasje Sport Fryslân | 11-09-2018 | 11-09-2022 | 11-09-2028 |
| S. van der Meer | Tsjerkegenoatskippen en genoatskip op tsjerklike grûnslach Fryske Tsjerkefoarsitter | 10-12-2018 | 10-12-2022 | 10-12-2028 |
| M. de Schiffart | Deskudigens media | 14-09-2020 | 14-09-2024 | 14-09-2028 |
| A. Bruinsma | Underwiis, edukaasje en wolwêzen NHL Stenden | 14-09-2020 | 14-09-2024 | 14-09-2028 |
| J.T. Kooistra | Agraryske sektor LTO | 18-09-2023 | 18-09-2027 | |

FERSLACH

| | | | |
|---------------------------|---|---|--|
| Gearkomste | : | Regionale Mediaried fan Omrop Fryslân | |
| Datum | : | 3 maart 2025 | |
| Oanwêzich | : | Nynke Beetstra Afke Bruinsma Doeke A. Fokkema Geert Kingma Jan Teade Kooistra Tina M. Lageweg Marrit de Schiffart | Fryske Taal en Kultuer De Fryske Beweging Underwiis, edukaasje en wolwêzen NHL Stenden Deskundige bestjoerlik mêd foarsitter Freonen fan Omrop Fryslân Agraryske sektor LTO Wurkjouwers VNO-NCW Deskundige Media |
| Fan Omrop Fryslân: | : | Houkje Rijpstra Ingrid Spijkers | Direkteur/bestjoerder Haadredakteur |
| Ofwêzich m.k. | : | Pytrik Kooistra Saapke van der Meer Daniëlle Vollema-Gort Anne Jochum de Vries | Natuer en miljeu It Fryske Gea Tsjerkegenoatskippen en genoatskippen op tsjerklike grûnslach Ried fan Tsjerken Fryslân Wurknimmers FNV Sport en rekreaasje Sport Fryslân |
| Ferslach | : | Hiltsje Stremmer | Direksjesekretaresse |
| Lokaasje | : | Omrop Fryslân | Fideoromte |
| Gast | : | Saakje Mulder | Foarsitter Ried fan Kommissarissen Omrop Fryslân |

1. Iepenjen

Foarsitter Fokkema ropt elkenien it wolkom ta. Der binne gjin oanpassingen oan de wurklist.

2. Gast: Saakje Mulder, foarsitter Ried fan Kommissarissen

Wichtichste feroaring by de Ried fan Kommissarissen (RfK) is de gearstalling: kommissaris Hiemstra hat op eigen fersyk de RfK ferlitten en fan 1 jannewaris 2025 ôf is Harry van der Molen as kommissaris begûn. Van der Molen hat ûnder oare yn de Twadde Keamer sitten foar it CDA en is op it stuit direkteur by Firda. Van der Molen is taheakke oan de auditkommisje, dy't fierder noch bestiet út Lian Nijenhuis en Edwin Meijer. Dêrneist is der noch in remuneraasje-kommisje dy't bestiet út Wiebe Wieling en Saakje Mulder. De remuneraasjekommisje hat de petearen mei de bestjoerder en de auditkommisje hâldt tafersjoch op de finansjele kant fan it bedriuw. Van der Molen is taheakke oan de auditkommisje omdat de Omrop de kommende jierren finansjeel foar in grutte útdaging stiet yn ferbân mei de húsfersting.

Oangeande de húsfersting hat de RfK in adviseursrol en dêrneist ek in formele rol foar it jaan fan ynstimming en besluten te nimmen oer finânsjes en foarriedige plannen. Dat ûnderwerp stiet alle gearkomsten op de wurklist foar de kommende tiid.

Kom (noch) fierder is ek in wichtich ûnderwerp by de RfK. De RfK is hjiryn fan it begjin ôf by belutsen. Dat binne goeie petearen en dêrby kin der gebrûk makke wurde fan de ferskate spesjaliteiten of ynfalshoeken yn de Ried.

RfK hat twa kear yn it jier in petear mei de Undernimmingsried. Yn de lêste gearkomste is it beslút naam om ien fan dizze gearkomsten in 'Fuotten-op-tafel-oerlis' fan te meitsjen, sûnder de bestjoerder en de oare gearkomste is in offisjeel 'artikel 24-oerlis' mei de bestjoerder derby.

Hjirby giet it foar de RfK om tafersjoch hâlden en harkje nei de UR.

Sa no en dan wurdt in meiwurker by de RfK-gearkomste útnûge om wat te fertellen oer it wurk by de Omrop, sadat de RfK dêrby ek in byld hat.

It monitoaren fan de risiko's fan de organisaasje is ek wichtich foar de RfK; dat wurdt safolle mooglik bepraat mei de bestjoerder (bygelyks by de húsfesting) De RfK sjocht oft der genôch maatregelen dien binne om de risiko's sa leech mooglik te hâlden of dat der akseptearre wurdt dat we earne in risiko rinne.

Elk jier is der in petear mei de akkountant en dy jout sa no en dan ek wichtige punten/advizen oan oer bepaalde risiko's lykas cybercriminaliteit.

De RfK hâldt har net dwaande mei de ynhâld fan de programmearring.

Foarsitter Fokkema seit Saakje Mulder tank foar de bydrage.

3. Programma-saken

a. Belutsenheid jongerein op socials by de TOP 100

Ingrid Spijkers lit witte dat fanwege AVG der gjin leeftijd opfrege wurde mei. Lykwols wie oan de nije ferskes te sjen dat der wol in soad jonge minsken stimd hiene; it wie dúdlik oars as foargeande jierren. Op de dei sels is der lykwols wol in soad konkurrinsje fan de Top 2000, mar wie it merkoandiel dochs wol 20%. In grut part fan Fryslân hat wol nei de Omrop harke. Foarôfgeand oan âldjiersdei binne der twa ploegen op paad west, mei Geert van Tuinen en in ploech foar de socials dy't nei ferskate skoallen west hat. Der is dit jier mear ynset op de jongerein. Der wiene dit jier sa'n 10.000 mear stimmen as it jier derfoar. It oantal stimmen wurdt wol better, mar der moat wol hurd foar wurke wurde, omdat der om dy tiid hinne in soad konkurrinsje is.

Der sil de kommende tiid besjoen wurde oft bepaalde programma's wat op in oare wize ynset wurde kinne om sa de jongerein mear te belûken; bygelyks om by it jongereinkeatsen fan de Freule mear mei de socials dwaan.

b. Programma-refleksje Fryslân Hjoed

Op de redaksje wurdt der neitocht oer in nije formule foar Fryslân Hjoed (FH). Graach heart de haadredakteur wat de miening fan de Mediaried is oer dit programma.

Oer it algemien binne de oanwêzigen te sprekken oer it programma sa't it no op it stuit is. It is in moaie lingte en it is maklik om fia de TV en de app op alle mominten werom te sjen.

Marrit de Schiffart jout oan dat se it nijs net fia de TV folget, mar allinnich fia de app of fia de radio. Se soe der net te folle op yn sette om mear minsken nei FH te lokken; de wrâld feroaret en de wize fan it folgjen fan nijs dêrmei ek.

De fariaasje yn tema's is goed, sport, ekonomy en wolwêzen binne goed oanwêzich, is Afke Bruinsma fan miening. In feroaring by FH, bygelyks dat it flugger en koarter wurdt, sitte de hjoeddeistige sjoggers fan FH neffens har faaks net op te wachtsjen. Der soe noch wol wat oan diversiteit dien wurde kinne.

Jan Teade Kooistra merkt op dat hy sels ek wolris ynterviewd wurdt en dat it dan opfalt dat der net folle fan it ynterview oerbliuwt. En dêrneist wurdt it faak mei in voice-over útstjoerd, wêrtroch't de skerpte fan it ferhaal der dan wol ris út is. Haadredakteur jout oan dat de ferslachjouwer bepaalt wat der yn it item komt, mei de opdracht om beide perspektiven sjen te litten en sa it publyk te ynformearjen. As de einredakteur fan miening is dat der wat úthelle wurde moat, dan bart dat altiten yn oerlis mei de ferslachjouwer, mar de einredakteur hat wol it lêste wurd.

Foarsitter Fokkema freget Ingrid Spijkers oft de Omrop ek noch wat leare kin fan oare regionale omroppen. Ingrid Spijkers jout oan dat eins alle regionale omroppen wol ûngefear inselde soart sjoernaal hawwe.

De Omrop wol der eins op ta om ús fideo's op te nimmen foar online en dêrnei te montearjen foar FH; no is it noch oarsom. Dêrneist wurdt der bygelyks ek nei de rol fan de presintator sjoen. De Mediaried is fan miening dat in presintator by FH wol in goede tafoeging is en dat dat it grutte ferskil mei de app is.

Ingrid Spijkers jout oan dat it in grutte útdaging is om de groep dy't we op de tradisjonele kanalen hawwe te behâlden en tagelyk de jongere generaasje oan ús te binen.

4. Jierferslach Mediaried 2024

Foarsitter Fokkema hat in jierferslach fan 2024 skreaun. De oanwêzige leden steane achter it ferslach en dat wurdt dêrmei fêststeld.

5. Achterban-byienkomst 2025

De wurkgroep besteande út: Tina Lageweg, Marrit de Schiffart en Daniëlle Vollema-Gort, hat yn oerlis west mei Ingrid Spijkers oer de achterban-byienkomst fan 2025. Yn de lêste Mediaried-gearkomste is keazen foar it tema sûnens/previnsje.

De wurkgroep lit witte dat se der eins net echt goed de finger achter krije koene hoe't it tema no krekt foar de achterban-byienkomst delset wurde moat. Wurdt der ien spesifyk tema út helle of is der tematyk dy't wy noch utdjippe kinne mei bepaalde organisaasjes. De wurkgroep kaam der net goed út en komt der dêrom mei werom yn de MR. Sûnenssoarch is hiel breed om dat op dizze wize op te pakken; it tema moat eins wat konkreter wêze. Alles wat betocht wurdt komt eins oerien de Fryske Previnsje Oanpak; dêr binne ek in soad organisaasjes by belutsen.

De doelstelling foar dizze byienkomst wurdt noch even bepraat: Hoe sjogge minsken tsjin de Omrop oan en oarsom. Meiwurkers fan de Omrop en organisaasjes by dit tema mei-inoar yn kontakt bringe en sjen hoe't we inoar helpe/advisearje kinne. Ut ferskate perspektiven wei sjen wat der spilet en wat der op ús ôf komt.

Fan út de Mediaried wurdt frege oft derby de redakteuren ferlet fan bepaalde ûnderwerpen is. Ingrid Spijkers lit witte dat dat net it gefal is.

Ofpraat wurdt dat de wurkgroep in petear oangean sil mei de programma-manager Fryske Previnsje Oanpak foar mear ynput, foar eventueel in konkreet tema wêr't in bepaald fjild by útnûge wurde kin. En as dat net slagget dan kin it wer werom nei de Mediaried en kin der eventueel nei in oar tema sjoen wurde.

Dêrneist wurdt ôfpraat dat de achterbanbyienkomst foarearst opskood wurdt nei de simmer en mooglik yn septimber/oktober ynpland wurde sil → **aksje** de wurkgroep sil hjir mei fierder.

6. Meidielingen

- Concessiebeleidsplan: De Omrop moat sels ek noch in eigen oanfraach dwaan om de útstjoerkonsesje foar de provinsje Fryslân te krijen. Dêroer sil de Provinsje in swierweagjend advys jaan moatte. Heechst wierskynlik krijt de Mediaried yn de maaie-gearkomste it mearjierrebeliedsplan, dat de Omrop dêrfoar yntsjinje moat, te sjen. Formeel hat de Mediaried dêr gjin rol yn, mar bestjoerder jout oan dat wol graach mei de Mediaried diele te wollen.
- Fernijbou: Bestjoerder jout oan dat it de winsk is om de boppeste etaaazje los te litten, foarlopich kin dat lykwols noch net. Der wurdt no al in part fan dizze etaaazje ferhierd, mar der sit (fia de Mediawet) in maksimum oan wat de Omrop ferhiere mei. De ynstallaasjes moatte sawiesa ferfongen wurde en de bûtengevel moat ferduorsume wurde yfm label A dat we yn 2030 ha moatte.
Bestjoerder lit witte dat der begryp is yn de organisaasje dat de ferbouwing fan de binnekant foarearst stilsetten is, mar fansels is der ek teloarstelling dat net alles útfierd wurde kin.

Dúdlik is dat we net besunigje wolle op ús taak om ferhalen te bringen. Bestjoerder hopet op kreative oplossingen fan de arsjitekten.

- Mediamonitor: Afke Bruinsma freget oft der ek noch in rol foar de mediabedriuwen yn stiet dat de bedriuwen sels soargje moatte dat harren betroubere sjoernalistyk in goed plak krijt op sosjale media.
Houkje Rijpstra lit witte dat ûnder oare út dizze monitor wol bliken docht dat de publike omroppen yn 'e greep hâlden wurde troch de algoritmes en dat binne ûntwikkelingen dêr't de omroppen sels gjin ynfloed op hawwe. Der wurdt hieltiten besjoen wat pleatse we wol en wat net én op hokfoar kanaal we dat dogge. Dat wurdt koart bepraat.
- Hynstekeuring: Ingrid Spijkers jout oan dat it wol bliken docht mei de Hynstekeuring en bygelyks it Skûtsjesilen dat de streams hieltiten belangriker wurde.
- Utnûging minister: Houkje Rijpstra lit witte dat se in skoftke ferlyn minster Bruins fan kultuer/media útnûge hat oangeande ús gearwurking mei in oantal streekomroppen. Yn april is it Mediadebat yn de Twadde Keamer oer de stelselwizing lokale omroppen. Mei de besite wol de Omrop sjen litte wat de foardielen binne fan de gearwurking foar de lokale omroppen en foar Omrop Fryslân. De minister hat tasein om te kommen, mar der is noch gjin datum fêstlein.
- Lanlike dei Mediarieden: Ingrid Spijkers lit witte dat de lanlike dei fan de Mediarieden opskood is fan 17 april nei **2 july 2025**. Sa gau't de datum definityf is kriget de Mediaried hjir berjocht oer. It tema sil wêze *'it ferantwurd brûken fan AI'*.

7. Roaster fan ôfgean

De Mediaried stelt fêst dat it roaster keppele wurdt oan de persoan, dus as in streaming tuskentiids in nije fertsjintwurdiger kriget, begjint dan de perioade fan 4 jier sittingstiid. Alle trije oanbelangjenden dy't dan yn oanmerking foar in ferlinging komme kinne, binne hjoed net oanwêzich, dat punt fan de wurklist wurdt trochskood nei de maaie-gearkomste.

8. Ferslach en aksjelist

- Ferslach fan 9 desimber 2024: Foarsitter Fokkema freget him ôf hoe't it by de redaksje giet mei de wrakseling radio/tv nei online. Hjir wurdt noch oan wurke lit haadredakteur Spijkers witte. It soarget noch wol foar gedoch, der is wol begryp foar, mar as it eigen wurk feroarje moat, bliuwt dat lestich. Kommende tongersdei is der in oerlis mei de einredakteuren oer 'heilige huisjes'. Giet bygelyks ek oer wurkjen mei of sûnder in audioteknikus. Dêrneist moat der karren makke wurde op hokker kanalen we wat dogge. Dat wurdt koart bepraat.
- Ferfolch mei de gearwurking mei de streekomroppen: Ingrid Spijkers lit witte dat fan 1 april 2025 ôf in ferslachjouwer fan de Omrop twa dagen yn 'e wike by Radio Spannenburg sitte sil. Dêrneist wurde der ek al in oantal mienskiplike projekten oppakt. Omrop Fryslân stiet wol iepen foar mear gearwurking mei de lokale en streekomroppen, mar dat leit by dizze omroppen sels.
 - a. Aksjelist
Der binne gjin oanpassingen yn de aksjelist.

9. Omfreegjen

- Ingrid Spijkers stelt foar om as folgjende tema de **gebrûkersfreonlikens fan de Omrop Fryslân-app** te bepraten → **aksje alle leden**

10. Sluten

Foarsitter Fokkema seit elkenien tank foar de oanwêzigens en ynbring. De gearkomste wurdt om likernôch 17.50 oere ôfsluten.

FERSLACH

| | | |
|---------------------------|---|---|
| Gearkomste | : | Regionale Mediaried fan Omrop Fryslân |
| Datum | : | 19 maaie 2025 |
| Oanwêzich | : | Afke Bruinsma Underwiis, edukaasje en wolwêzen NHL Stenden Doeke A. Fokkema Deskundige bestjoerlik mêd foarsitter Tina M. Lageweg Wurkjouwers VNO-NCW Marrit de Schiffart Deskundige Media Anne Jochum de Vries Sport en rekreaasje Sport Fryslân |
| Fan Omrop Fryslân: | : | Houkje Rijpstra Direkteur/bestjoerder Ingrid Spijkers Haadredakteur |
| Ofwêzich m.k. | : | Nynke Beetstra Fryske Taal en Kultuer De Fryske Beweging Geert Kingma Freonen fan Omrop Fryslân Jan Teade Kooistra Agraryske sektor LTO Pytrik Kooistra Natuer en miljeu It Fryske Gea Saapke van der Meer Tsjerkegenoatskippen en genoatskippen op tsjerklike grûnslach Ried fan Tsjerken Fryslân Daniëlle Vollema-Gort Wurknimmers FNV |
| Ferslach | : | Hiltsje Stremmer Direksjesekretaresse |
| Lokaasje | : | Omrop Fryslân Fideoromte |

1. Iepenjen

Foarsitter Fokkema ropt elkenien it wolkom ta. Der binne gjin oanpassingen oan de wurklist. Daniëlle Vollema-Gort hat har ôfmelden foar dizze gearkomste en hat dêrby oanjûn dat se har funksje by de Mediaried dellizze wol yn ferbân mei privé-omstannichheden. Se sil tegearre mei de FNV op 'e siik nei in opfolger. Bestjoerder jout oan dat de opfolger net perfoarst by de FNV socht wurde hoecht, der mei ek immen fan út in oare fakbûn foardroegen wurde → **aksje dir.sekr.** sil dat oan Daniëlle Vollema foarlizze.

2. Programma-saken

a. Programmearring Simmer | Presintaasje troch Ingrid Spijkers

Ferline jier is de Omrop mei Simmer yn Fryslân mei in buske op 'n paad west; dat sil dit jier ek wer sa wêze. Dizze simmer sille der alle kearen twa meiwurkers middeis der op út gean. Ferline jier waard it hiel bot stjoerd op it programma fan de radio, dat sil no net mear liedend wêze. It tema dit jier is 'We komme deroan', we geane nei festivals, doarpen ensfh. Fan de harkers, sjoggers fan de Omrop wolle we graach witte wat der bart yn de Provinsje en wêr't we hinne moatte.

De ôfdieling Publyk hat nei ús doelgroepen sjoen, hokker minsken betsjenje wy no en op hokker kanalen sitte dizze minsken en wat wolle se fan de Omrop. Mei de Simmerkampanje sille wy dizze doelgroepen besykje te berikken, bygelyks de belutsen Fries, ynspiraasjesiker en jong folwoeksene. Dat is ek in opdracht fan út it Concessiebeleidsplan dat we ús meiinoar mear op doelgroepen rjochtsje, lit haadredakteur witte.

Ferline jier hat de Omrop har bot ynset op de socials, dat hat hiel goed west en dat sil dit jier ek wer sa dien wurde. Fansels is de Omrop ek wer by alle eveneminten, der is wer in simmergadzjet en oare marketing-middels.

De IFKS hat sûnt dit jier harren eigen fideokanaal, dat giet yn goed oerlis. De ôfdieling Tsjil sit hjirby in wike oan board by in skûtsje en makket dêr ferskate ferhalen foar ûnder oare it Skûtsjesjoernaal en de socials.

Fan út de Mediaried komt de fraach oft der dit jier ek wer oan de minsken thús frege wurdt wêr't de Omrop hinne moat. Haadredakteur jout oan dat dat eins ferline jier wat te min opsmitten hat. It sil dit jier wol wat oars dien wurde; mar se binne dêrfoar noch oan tarieden.

Foarsitter seit haadredakteur tank foar de presintaasje.

b. Programma refleksje: 'de lêsbereens fan de Omrop-app' | ta besprek

Fan út de Mediaried komme de folgjende opmerkingen:

Tina Lageweg jout oan dat it goed is om der ris mei oare eagen nei te sjen; de ynformaasje is tagonklik en goed. Tidigens fan berjochtjouwing is net altyd goed, net aktueel genôch soms. Kwalitatyf is it wol goed.

Afke Bruinsma fynt de app gebrûkersfreonlik. De oergong fan de NOS berjochten nei de Omrop-berjochten soe wol wat dúdliker meie. Wol goed dat de NOS-berjochten der tusken sitte of dat de mooglikheid is om se der tusken te setten.

It teken fan it waarberjocht en de files meie der wol wat dúdliker útspringe, jouwe meardere leden fan de Ried oan.

Der wurdt oanjûn dat it maklik is om te switchen fan it Nederlânsk nei it Frysk.

Marrit de Schiffart is fan miening dat de app kwa struktuer hiel dúdlik en oersichtlik is. De koppen binne somtiden wol hiel lang foar har gefoel en benammen as der twa finsters neist inoar steane. Dêrneist begrypt se de oanwêzichheid fan de puzzels net. Haadredakteur jout oan dat dat in test is; by guon apps is dat de side dêr't de measte minsken op sitte en sa kinne we de minsken miskien langer op ús side hâlde.

Anne Jochum de Vries: Is de app foldwaande foar laaggeletterden? Komt dizze groep op de app of net? It bliuwt in grut probleem omdat der hieltiten mear komme.

Doeke A. Fokkema soe graach gelyk op de hiemside sjen wolle hokker sides der te finen binne; dat is wierskynlik in kwestje fan lay-out. En mist dêrneist de aginda op de hiemside. Der is wol in aginda, mar is pas fierder fuort op de app te finen. De lay-out sjocht der wol moai út, mar krijt no op dizze wize te min oandacht.

Undúdlik dat it wurdje '*sjen*', de side foar fideo en TV is.

Reaksje Pytrik Kooistra fia de mail: is fan miening dat der tefolle pushmeldingen ferstjoerd wurde dy't gjin wichtige ynhâld hawwe. Dat soarget derfoar dat hja de meldingen útsette, of de app hielendal ferwiderje. Kriget dat ek út de omjouwing te hearren.

Dêrneist is de fraach hoe maklik it gebrûk fan de ynstellingen fan de app foar de âlderen is?

Haadredakteur jout oan dat de regio-app troch tsien omroppen mei-inoar ûntwikkele wurdt.

As we wat yn it menu oanpasse wolle, dan moatte alle tsien it dêr mei iens wêze.

We kinne sjen wat de minsken op de app dogge; de measte minsken komme net fierder as de hiemside en klikke net faak fierder nei oare siden.

Foar laaggeletterden binne we dwaande om dat mei AI anst oanpasse te kinnen nei in passend nivo (wol yn it Nederlânsk lêze en harkje yn it Frysk).

De haadredakteur nimt de ynput mei nei de redaksje.

3. Fan út de Beliedssyklus

a. Weromsjen Jierplan 2025 – 2.1 oandachtsgebiet Ferhalen | evaluaasje

Yn de gearkomste wurdt bepraat oft der genôch oandacht is foar Bewegingsearmoed en oft elkenien meidwaan kin; sa't de Mediaried foarsteld hat foar it Jierplan.

Der is by de Omrop in soad oandacht foar in soad sporten, bygelyks de searje oer LDODK, alles om de Slachte-rintocht hinne, de 11-stêdetocht en Scoute mei Berend, binne de leden fan miening.

Anne Jochum de Vries is fan miening dat miskien de achterlizzende gedachte by de bewegingsearmoed wol mist wurdt. Minsken fiele te min de urginsje fan it probleem fan de bewegingsearmoed wat op ús ôf komt op lange termyn; oer sa'n 15 jier sille we hjir de effekten al fan sjen. Dat hat in gedrachsferoaring nedich, want dêr hat dan de soarch wer lêst fan ensfh.. Mar dêr in oplossing foar fine is net hiel maklik.

Haadredakteur jout oan dat de Omrop wol besiket om dizze problemen sjen te litten; dat it bygelyks wriuwt by sûne inisjativen dy't troch ynstânsjes tsjin wurke wurde. Dizze ferhalen wurde wol brocht by de Vrieske Wike en Buro de Vries.

Afke Bruinsma merkt op dat de programma's wol wat mear ferskaat (diverser) wurden binne dan jierren ferlyn. It giet noch net yn hiele grutte stappen, mar it is al wol better. Dat is ek wol de opdracht foar de ferslachjouwers lit haadredakteur witte.

b. Ynput foar útgongspunten Ferhalen 2026

Fan út de redaksje wurdt al in suggestje dien oangeande de ferkiezings.

Tina Lageweg soe it nijsgjirrich fine om de wichtigheid fan it lokale bestjoer wat mear sichtber te meitsjen; it belang fan de lokale polityk. Haadredakteur jout oan dat we dêrfoar bygelyks in explainer meitsje kinne soene, wêrby't gemeenteriedsleden bygelyks fertelle wat se foarinoar krigen hawwe en wêr't se wol of net oer geane en wat it foar de minsken yn de gemeente betsjut.

De Omrop sil net gelyk yngean op alles wat der yn de ferskate gemeenten west hat; de grutte dingen wurde fansels wol oppakt en oerkoepeljende tema's. Mei de lokale omroppen wurdt dat oppakt (mar de lokale omroppen binne noch net hielendal provinsjedekkend). De fokus fan de Omrop is benammen op de provinsjale polityk.

Haadredakteur nimt dit mei nei it team Bestjoer & Maatskippij.

Anne Jochum de Vries: We geane fan de iene krisis nei de oare; mar der barre ek prachtige dingen, troch hokker bril wurdt der dan sjoen, wêr sit de ynspiraasje, hjir moat de balâns wat yn fûn wurde. Haadredakteur jout oan dat dat no ek wol dien wurdt, ferhalen fertelle wêr't elkenien bliid fan wurdt en dy't ynspirearje (HEA! bygelyks). Oare kollega Omroppen dogge in soad oan 112-nijs; wy hawwe dat by elkoar yn in blog, oars krijst tefolle fan dit soarte nijs.

4. Concessiebeliedsplan Omrop Fryslân

Taljochting bestjoerder: De RPO hat foar alle regionale omroppen it Concessiebeliedsplan (CBP) al yntsjinne en de Omrop moat no sels it plan yntsjinje om de konsesje foar de kommende fiif jier wer foar de provinsje Fryslân oan te freegjen. As der mar ien is dy't de konsesje oanfreget dan komt it plan fierder net op tafel, lykwols mocht der noch in oare partij wêze dy't de konsesje ek oanfreget dan wurde de plannen tsjin inoar ôfwoegen. Foar de provinsje is it wichtichste kritearium dat de Mediaried de provinsje Fryslân goed genôch fertsjintwurdiget.

Wêr't dat lanlik mooglik te ferwachtsjen is yn Twente. Op oare regio's is it fermoeden fan net.

Foar de folgjende konsesje moat de Omrop de transysje wol klear hawwe. Oars soe bygelyks Mediahuis it wolris besykje kinne. Dat soe wol soarchlik wêze, yn ferbân mei pluriformiteit yn de nijsfoarsjenning en de demokrasy lit bestjoerder en haadredakteur witte: tefolle media yn ien hân makket dat iensidiger.

5. Meidielingen

a. Lanlike dei Regionale Mediarieden te Woerden op 02-07-2025

Anne Jochum de Vries en Tina Lageweg sille nei dizze lanlike dei → **aksje direksjesekr.** sil dat trochjaan by de RPO

b. Meidielingen bestjoerder

- *RvT RPO*: Bestjoerder lit witte dat yn de Bestjoersôfspraken Fryske Taal en Kultuer (BFTK) beneamd is dat it winsklik is dat deskundigens oangeande de Fryske Taal en Kultuer yn de RvT oanwêzich is. Bestjoerder hat de Fryske Keamerleden hjiroer ynformearre en fan dêrút is al oanjûn dat it wol wichtich is. De RfK hat kontakt hân mei sittend RvT-lid Roeland Stekelenburg; hy hat oanjûn dat de kâns net sa grut is dat it slagget, mar advisearret wol om alles te besykjen om der wat mei te dwaan. De Provinsje hat ek oanjûn by OCW dat se dat wichtich fine. De RfK wol eventueel in brief skriuwe en miskien ek út namme fan de Mediaried in brief stjoere. De Mediaried is fan miening dat se dit ek wichtich fine dat der immen is dy't affiniteit hat mei minderheidstalen en it belang dêrfan foar de regio. Koart wurde der noch in oantal mooglike kandidaten bepraat.
→ **aksje**: ôfpraat wurdt dat bestjoerder en foarsitter tegearre nei de ynhâld fan in brief sjen sille.
- *AI-engineer*: Foarsitter jout oan dat as de mooglikheid him foardocht dan soe it aardich wêze as de AI-engineer ris in presintaasje by de Mediaried hâlde kin. Der kin dan ek mear ferteld wurde oer de kaders dy't de Omrop dêr yn hat → **aksje presintaasje AI-engineer yn gearkomste septimber of desimber 2025**
Fan út de Mediaried wurdt frege oft dit ek yn lanlik ferbân spilet. Bestjoerder lit witte dat der in lanlik transformaasje team en datateam dwaande binne mei de kaders. Fryslân hat as earste regionale omrop in eigen AI-engineer; Brabân hat no ek in fakatuere iepen stean. Dat wurdt koart fierder bepraat.
- *IFKS eigen televyzjekanaal*: Haadredakteur jout oan dat it noch besjoen wurde moat hoe't it him ûntwikkelet. De Omrop kin harren bylden brûke en nei de tiid ynterviews dwaan. Der is yn elk gefal goed ûnderling oerlis mei de IFKS en de Omrop.
- *Geert van Tuinen*: Bestjoerder lit witte dat Geert van Tuinen de sneontemiddei op de radio dwaan bliuwt en it PC-kafee oant hy 25 jier yn tsjinst is (o/m 2026).

6. Roaster fan ôfgean

a. Werbeneaming nije leden

Yn de foarige gearkomst hat de Mediaried fêststeld dat it roaster keppele wurdt oan de persoan. As in streaming tuskentiids in nije fertsjintwurdiger kriget, dan begjint op dat momint de perioade fan de sittingstiid fan fjouwer jier. Anne Jochum de Vries is hjirmei akkoart. De oare trije oanbelangjenden dy't dan yn oanmerking foar in ferlinging komme kinne, binne hjoed net oanwêzich.

Koart wurdt wol it quorum op dit stuit noch bepraat. Bestjoerder lit witte dat der hjiroer neat stiet yn de Hânlieding foar Regionale Mediarieden.

Beslút: De Mediaried giet hjirmei akkoart mei it folgen fan it roaster oan de persoan.

b. Foardracht nij lid Freonen fan Omrop Fryslân

Bestjoerder en foarsitter hawwe hjiroer kontakt hân mei Akkie Lindeboom. Fan beide kanten is der wol oanjûn dat der formeel gjin beswier wêze sil. Mar by in sûne fertsjintwurdiging soe der in goeie trochstreaming nedich wêze. Fierder is der fan út de Freonen nimmen ree om yn dizze ried te sitten en dêrneist is earder binnen de Freonen ôfpraat dat de foarsitter in sit yn de Mediaried nimt. Akkie Lindeboom kin dan lykwols mar foar ien perioade fan fjouwer jier sitte, omdat se al earder in perioade yn de Mediaried sitten hat. Dat wurdt koart bepraat.

Fan út de leden fan de Mediaried is der gjin beswier en de leden jouwe oan bliid te wêzen dat der wer in ôffeardiging fan de Freonen yn Mediaried is.

→ **Aksje bestjoerder/dir.sekr:** Der sil in brief mei de foardracht foar Akkie Lindeboom ferstjoerd wurde nei Deputearre Steaten fan de Provinsje Fryslân en in berjocht nei Akkie Lindeboom. Ofpraat wurdt dat as der yn septimber noch gjin reaksje fan de Provinsje is dan wurdt Lindeboom wol foar de septimber-gearkomste útnûge.

7. Ferslach en aksjelist

a. Ferslach fan 3 maart 2025

Gjin opmerkingen.

b. Aksjelist

Achterbanbyienkomst: Fan út de wurkgroep (Tina Lageweg en Marrit de Schiffart) wurdt oanjûn dat se noch net folle fierder binne. Der is al wol koart kontakt west mei programmamanager fan de Fryske Previnsje Oanpak (Anneke Meijer).

Haadredakteur jout oan dat it eins te koart dei is om dit no ek op te pakken foar septimber, omdat der yn de simmerperioade op de redaksje gjin kapasiteit is om hjirmei oan 'e slach te gean.

Ofpraat wurdt dat haadredakteur en de wurkgroep hjiroer ynkoarten kontakt hawwe sille en komme der yn de folgjende gearkomste op werom.

c. Programma útljochtsje:

15 septimber 2025: Simmer yn Fryslân op alle kanalen besjen.

8 desimber 2025: HEA! op alle kanalen besjen.

Untjouwing sosjal media en polarisaasje: Haadredakteur jout oan dat it allinnich wer op de wurklist komt te stean as der wat te melden is; it belied is no net feroare.

8. Omfregjen

Ynventarisaasje ûnderwerpen foar de folgjende gearkomste: *Doelgroepenbelied* op de wurklist fan septimber.

9. Sluten

Foarsitter Fokkema seit elkenien tank foar de oanwêzigens en ynbring. De gearkomste wurdt om likernôch 18.05 oere ôfsluten.

FERSLACH

| | | | |
|---------------------------|---|--|--|
| Gearkomste | : | Regionale Mediaried fan Omrop Fryslân | |
| Datum | : | 15 septimber 2025 | |
| Oanwêzich | : | Nynke Beetstra Afke Bruinsma Doeke A. Fokkema Jan Teade Kooistra Pytrik Kooistra Akkie Lindeboom-Jager Marrit de Schiffart Anne Jochum de Vries | Fryske Taal en Kultuer De Fryske Beweging Underwiis, edukaasje en wolwêzen NHL Stenden Deskundige bestjoerlik mêd foarsitter Agraryske sektor LTO Natuer en miljeu It Fryske Gea Freonen fan Omrop Fryslân Deskundige Media Sport en rekreaasje Sport Fryslân |
| Fan Omrop Fryslân: | : | Houkje Rijpstra Ingrid Spijkers | Direkteur/bestjoerder Haadredakteur |
| Ofwêzich m.k. | : | Tina M. Lageweg Saapke van der Meer Daniëlle Vollema-Gort | Wurkjouwers VNO-NCW Tsjerkegenoatskippen en genoatskippen op tsjerklike grûnslach Ried fan Tsjerken Fryslân Wurknimmers FNV |
| Ferslach | : | Hiltsje Stremmer | Direksjesekretaresse |
| Lokaasje | : | Omrop Fryslân | Fideoromte |

1. Iepenjen

Foarsitter Fokkema ropt elkenien it wolkom ta. In bysûnder wolkom is der foar Akkie Lindeboom-Jager as opfolger fan Geert Kingma foar de Freonen fan Omrop Fryslân. Oan de wurklist wurdt taheakke as **punt 4: Achterbangearkomste**.

2. Doelgroepebelied troch Marco van de Ven, haad Publyk en Reklame

Sjoch taheakke presintaasje.

It doel fan de Omrop út ein te setten mei in doelgroepebelied is om de sichtberens te fersterkjen en om relevant en betrouber te bliuwen foar alle doelgroepen.

Fragen fan út de Mediaried:

Anne Jochum de Vries: Planburo Fryslân brûkt ek sa'n soort fan panel, brûke sy fergelykbere doelgroepen? Is net hielendal oars, mar kinst it net ien op ien oernimme. It kin wol as in boarne brûkt wurde, lit Marco van de Ven witte.

Doeke Fokkema jout oan dat der neffens him ien doelgroep ûntbrekt, te witten 'de nije Fries', dy't út oare plakken fan Nederlân nei Fryslân komt te wenjen, of dejinge dy't fan út it bûtenlân nei Fryslân komt en dy't net sa gau nei de Frysktalige omrop harkje of sjen sil. Past by de doelgroep dy't ynteressearre is yn de Omrop lit Marco van de Ven witte. Ingrid Spijkers folt noch oan dat it giet oer hoe't dizze minsken de media brûke. Dizze groep wurdt wol meinaam by bygelyks de ynspiraasjesiker of ambisjeuze Fries (fia LinkedIn ensfh).

Jan Teade Kooistra freget him ôf wêrom't de gewoane en de trouwe Fries gemiddeld leech oplaad binne en de oare gemiddeld heger. Ingrid Spijkers jout oan dat dat faak om âldere doelgroep giet en eartiids giene se net sa gau nei de universiteit, mar dat seit neat oer it nivo.

We wolle ús publyk net ûnderskatte, mar wy wolle witte hokker ûnderwerpen geskikt binne om op hokker kanaal te dwaan; it is de wize wêrop't wy oansprekke wolle.

De ymplementaasje fan de doelgroepen wurdt troch de haadredakteur dien mei help en advisearring fan de ôfdieling Publyk.

Bestjoerder jout oan dat de ferhalen, it fakmanskip fan de sjoernalisten noch altiten foarop stiet; dit is allinnich in manier hoe't de Omrop de ferhalen útsutelet en wat de minsken witte wolle fan it ferhaal.

Foarsitter seit tank foar de presintaasje, it is nijsgjirrich ferhaal.

3. Programma-saken

a. **Evaluasje Simmer yn Fryslân 2025**

Guon leden fan de Mediaried fûnen it goed om te sjen dat der jongere ferslachjouwers binne, dy't in wat jonger taalgebrûk brûke en dy't harren yn byld wat oars opstelle. Dat sprekt wol oan en komt wat tichter by de minsken.

Pytrik Kooistra merkt op dat by de PC/keatsen de ferwurking fan de updates wat traach ferrûn. Op de socials/it liveblog gong it wol goed en wie it posityf.

Marrit de Schiffart: Der wiene in hiel soad eveneminten dizze simmer, wat fia de socials goed yn byld brocht is mei aardige filmkes. Se jout lykwols oan dat it sa no en dan ek wol wat serieuzer brocht wurde kinnen hie. De Omrop is wol in nijstjoerder en soe dat ek wat mear op de socials sjen litte kinne.

Oer it algemien is de Mediaried it der wol oer iens dat it moai is om te sjen wat der allegearre bard yn Fryslân en dat it op alle kanalen útstjoerd wurdt.

Akkie Lindeboom: ynhâldlik is Buro de Vries faak hiel sterk; de ûnderwerpen en hoe't dy útdjippe wurde sprekt wol goed oan. Benammen de reportaasje oer de Vrijheidswyk fan Ljouwert wie in positive útstjoering.

Jan Teade Kooistra: der binne simmers wol in soad werhellingen.

Meardere leden fan de Mediaried jouwe oan dat it Skûtsjesilen wer hiel goed yn byld brocht is, benammen ek troch de drone-bylden. De nije ferslachjouwster Maaïke vd Hoek en analist Roelof Bouwmeester diene it goed; koest dúdlik sjen dat se wisten wêr't se it oer hiene.

Afke Bruinsma: Der wie mear evenwicht yn it sportive en it feesten en dêrneist no de oare kant ek wat mear beljochte en ek oare groepen jongeren foar de kamera. Haadredakteur lit witte dat dêr dit jier ek mear op stjoerd is.

Pytrik Kooistra: kom sels net út de skûtsjewrâld, wat mear de achtergrûn hearre litte hjiroer is dan hiel aardich. Hjir binne de explainers foar; dêr binne we mei de ferslachjouwers hieltiten mear mei dwaande, lit haadredakteur witte.

Anne Jochum de Vries hat folle mear de sport fia de radio folge; dêr kin de Omrop hiel grutsk op wêze. Ien minpuntsje wie wol: alle reklame's kinne we no wol út 'e holle.

Nei in fraach fan Nynke Beetstra lit haadredakteur witte dat de reportaazjes fan Omrop Max oer it Skûtsjesilen troch de Omrop makke wurde.

Foarsitter seit elkenien tank foar de ynbring en haadredakteur Spijkers jout oan dat se alle opmerkingen meinimt nei de redaksje.

b. **Programmearring Hjerst/winter 2025/2026 troch Ingrid Spijkers (presintaasje oanpast troch Publyk!)**

Weromsjen nei de Simmer

Podcast "Oh wat in klapper" is goed beharke en sille we de rest fan it jier as eksperimint mei fierder. Hjirmei fine we ek in nije doelgroep (de jongerein) lit haadredakteur witte. Nei in fraach fan út de Mediaried lit haadredakteur witte dat we hjirmei it hiele jier troch de ferhalen oer it Skûtsjesilen heare litte wolle; bygelyks de evaluasje fan it ûngelok by it Skûtsjesilen of oer nije skippers.

De podcast giet allinnich oer de SKS, dat hat de measte belangstelling fan it publyk. By de IFKS wie Laura Oosterloo dizze simme oan board en liet fia flogs sjen wat dêr barde; dêr hienen we goeie reaksjes op.

Foarútsjen nei de hjerst/winter:

Buro Lokaal op freed is nij, de aardichste programma's fan de lokale omroppen en de Omrop sille dan útstjoerd wurde.

De Fryske Wike wurdt tenei de Nijscast en as podcast útstjoerd; we berikke de ynspiraasjesiker hjirmei lit de haadredakteur witte.

Lanlike ferkiezings: it publyk is frege hokker tema's wichtich binne en oer dizze tema's sille we ferhalen meitsje. Dizze minsken binne fia de webside frege en fia in enkête op social media. De FNP sil folge wurde troch Fryslân DOK. Sil op de dei fan de ferkiezing in eksperimint wêze fia ferskate kanalen .

Mei *de Kryst* sille der ynterviews mei haadpersoanen út it nijs útstjoerd wurde en in registraasje fan de Kast mei it NNO.

Yn 2026 sil der in nije foarm fan *Fryslân Hjoed* komme, yn de desimber-gearkomste sil dêrfan in pilot diel wurde mei de Mediaried.

Takom jier is it *80 jier ferlyn dat de Frysktalige RONO* úteinset is.

Keningsdei komt yn 2026 fan út Dokkum; dit sil de Omrop yn gearwurking mei de NOS registrearje. En takom jier binne de *gemeenteriedsferkiezingen*.

Ingrid Spijkers lit witte dat alle eveneminten no foarearst op '0' setten wurde; alles sil op 'e nij besjoen wurde wat we no noch wol dogge en wat net mear en op hokker kanalen. Der is in oprop dien foar meiwurkers om hjiroer mei te tinken.

Foarsitter seit haadredakteur tank foar de presintaasje en winsket har en meiwurkers sukses foar de kommende tiid.

4. Achterbangearkomste

Fan út de wurkgroep nimt Marrit de Schiffart de oanwêzigen mei oer hoe't it foarstel foar it ûnderwerp AI ta stân kaam is. Achterbangroepen dy't hjirfoar útnûge wurde kinne binne bygelyks it ûnderwiis en/of de wurkjouwers (sjoch taheakke notysje). Dat wurdt bepraat. Tema's dy't hjirby meinaam wurde kinne binne: wat betsjut dat foar de arbeidsmerk; wêr wrakselet it wurkfjild mei. Hoe feroarje beroppen en wat binne de grutste útdagingen, kânsen en risiko's.

Dêrneist is net allinnich wichtich wat der libbet, mar ek wat de oplossingen binne, de etyske kant is like wichtich en hoe hâlde we de etyk oerein en hoe geane we dêr mei om.

Afke Bruinsma jout oan dat it foar it ûnderwiis wichtich is om te sjen hoe't we hjir mei om gean kinne en wêr't we hinne wolle yn 'e takomst; hoe brûke de studinten AI yn harren oplieding. Eins moatte studinten oars oplieden wurde foar it takomstich wurkjen. Dêrom is it goed om hjiroer it ûnderwiis en de wurkjouwers mei-inoar yn petear gean te litten om te sjen wêr't ferlet fan is.

Bepaat wurdt wa't hjirfoar útnûge wurde kin; oanwêzigen komme hjir net goed út. It ûnderwiis en/of de wurkjouwers sa't yn de notysje stiet, of wurdt de kar makke om ien fan beide hjirfoar út te nûgjen. As de kar makke wurdt foar de wurkjouwers, kin ek noch ôffrege wurde oft de wurknimmers hjir ek foar útnûge wurde moatte; dy krije wis ek mei AI te meitsjen.

Foarsitter merkt op dat earder bepraat is om de AI-engineer fan de Omrop út te nûgjen foar in gearkomste, miskien helpt dat om better de fokus te lizzen en skerper te sjen nei hokker fragen we stelle kinne en hokker achterban hjir it bêste by past.

Bestjoerder jout oan dat der by de Omrop al in beliedsstik foar AI leit en lanlik in AI-kompas dy't beide as ûnderlizzer foar dizze gearkomste brûkt wurde kinne.

Beslút: Ofpraat wurdt dat yn de desimbergearkomste de AI-engineer fan de Omrop útnûge wurde sil. Dêrnei sil de Mediaried har rjochtsje op it krekte doel/tema fan de achterban-jûn, wat der úthelle wurde moat en hokker achterban útnûge wurde sil. De jûn soe dan yn maart 2026 organisearre wurde kinne; de wurkgroep nimt dat mei.

5. Meidielingen

- Admiraliteitsdagen sifers: Fan út de Mediaried wurdt frege oft der ek sifers binne fan de Admiraliteitsdagen. Haadredakteur Spijkers jout oan dat dy sifers der noch net binne. Dêrnei is it eins ek in programma fan RTV-NOF; de Omrop levert in útstjoerwein en set it troch op de kanalen.
- De lêste freedsmarke wie op de radio y.f.m. it ôfskied fan dit programma-ûnderdiel; kinne soksoarte ferhalen net op dei-tv sjen litten wurde. Haadredakteur lit witte dat dat in programma foar op de radio is. As it foar it ien kear makke wurdt, kin dat net samar op dei-tv, yfm technyske beheiningen. Mar der wurdt besocht om alles op safolle mooglike kanalen sjen of hearre te litten. Dat wurdt koart bepraat.
- a. Update konsesje-oanfraach Regionale Omrop 2026 - 2030: Bestjoerder lit witte dat de behanneling by Deputearre Steaten wat langer duorret. Doe't der twa gadingmakers wienen koe dit net mear as hammerstik behannele wurde en dêrom stiet it no net earder as 26 novimber 2025 op de wurklist fan de Steaten.
Mei de measte steatefraksjes hat bestjoerder yntusken kontakt hân, net ien kin him hast yntinke dat OF de konsesje net kriget. Der moat in goed ûnderboud juridysk stik komme te lizzen. Dêrnei is der, oangeande de proseduere, ek kontakt west mei it CvdM. Oan de proseduere fan dit jier kin neat mear oanpast wurde; mar miskien kin der foar de folgjende konsesje-oanfraach wol wat feroare wurde omdat der safolle saken fan ôf hingje lykas nije kontrakten, nije programmearring, bekostigingsoanfraach, hypteek en de bank freget nei de kontinuïteit. Dat wurdt mei-inoar bepraat.
Lindeboom freget oft it nedich is dat de Mediaried yn aksje komt. Bestjoerder lit witte dat der op woansdeitemiddei 19 novimber o.k. in Steatemark is en dêrnei jûns in kommisje-gearkomste wêryn't bestjoerder graach ynsprekke wol. Aksje fan de Mediaried soe bygelyks yn de foarm fan oanwêzigens by de steatemark wêze kinne.
- b. Kommunikaasje oangeande deskundigens Frysk by RvT RPO: De reaksje fan de RvT fan de RPO op it fersyk fan de Mediaried is begripfol, mar negatyf. Bestjoerder lit witte dat de profilen yntusken klear binne. Dêryn stiet lykwols neat oer (affiniteit mei) de streektaal en dat is teloarstellend. Der kinne noch wol nammen oanlevere wurde.
Foarsitter freget him ôf hoe't we dan de oandacht foar de streektalen hâlde moatte. Bestjoerder lit witte dat we dêr sels hieltiten omtinken foar freegje moatte, bygelyks by de gearkomsten fan de haadredakteuren en direkteuren.
Ofpraat wurdt dat de Mediaried gjin reaksje mear jaan sil.
Akkie Lindeboom freget oft it wurd 'sprieding' ek meinaam is yn de profilen, dat soe miskien noch in ûnderwerp wêze kinne foar de streektalen. Bestjoerder jout oan dat se wol wolle dat minsken mear ferspraad oer it lân wenje, dat is no net it gefal, lit bestjoerder witte.
- c. Mûnling ferslach lanlike dei Mediarieden
It earste diel wie tige nijsgjirrich lit Anne Jochum de Vries witte; dat gong oer hoe't wy it nijs 'gekleurd' ûntfange kinne; dat hat ús wol oan it tinken setten. Dêrnei is der útlis west oer de nije konsesje, dat wie wol in wat dreger ûnderwerp, mar wol ferhelderjend. As lêste wie der noch in sessy oer AI. Uteinlik is it altiten goed om Mediariedsleden fan de oare omroppen te moetsjen.

6. Ferslach en aksjelist

Ferslach fan 19 maaie 2025

side 3: Foarsitter freget noch nei in koarte ferdúdliking fan de opmerkingen fan Anne Jochum de Vries: *'Anne Jochum de Vries is fan miening dat miskien de achterlizzende gedachte by de bewegingsearmoad wol mist wurdt..... Mar dêr in oplossing foar fine is net hiel maklik.*

Hjirmei wol De Vries oanjaan dat minsken te min de urginsje fiele fan it probleem fan de bewegingsearmoad wat op ús ôf komt op lange termyn; oer sa'n 15 jier sille we hjir de effekten al fan sjen. Dat hat in gedrachsferoaring nedich.

Dizze sin sil taheakke wurde oan it ferslach.

- a. Aksjelist: Gjin op- of oanmerkingen
- b. Programma útljochtsje: De Mediaried wurdt frege om foar de gearkomste fan 8 desimber 2025 ris goed nei *'Fryslân fan 'e Moarn'* te harkjen → **aksje Mediaried**

7. Konsept gearkomstedata 2026

De foarstelde gearkomstedata fan 2026 wurde hjirby troch de Mediaried fêststeld.

- Moandei 02-03-2026 (wike 10)
- Moandei 01-06-2026 (wike 23)
- Moandei 14-09-2026 (wike 38)
- Moandei 07-12-2026 (wike 50)

Alle gearkomste binne wer fan 16:00 – 18:00 oere.

8. Omfreegjen

Afke Bruinsma merkt op dat it goed wêze soe om yn it foar fan inoar te witten wa't der nei de Steaten kommisje fan 19 novimber of nei gearkomste fan de Provinsjale Steaten op 26 novimber sille. Foarsitter jout oan dat elkenien dat dan by Hiltse fia direksjesekretariaat@omropfryslan.nl oanjaan kin, sadat we witte wa't der hinne gear.

9. Sluten

Foarsitter Fokkema seit elkenien tank foar de oanwêzigens en ynbring. De gearkomste wurdt om likernôch 18.05 oere ôfsluten.

FERSLACH

| | | | |
|---------------------------|---|--|---|
| Gearkomste | : | Regionale Mediaried fan Omrop Fryslân | |
| Datum | : | 8 desimber 2025 | |
| Oanwêzich | : | Nynke Beetstra Afke Bruinsma Doeke A. Fokkema Jan Teade Kooistra Tina M. Lageweg Akkie Lindeboom-Jager Marrit de Schiffart Anne Jochum de Vries | Fryske Taal en Kultuer De Fryske Beweging Underwiis, edukaasje en wolwêzen NHL Stenden Deskundige bestjoerlik mêd foarsitter Agraryske sektor LTO Wurkjouwers VNO-NCW Freonen fan Omrop Fryslân Deskundige Media Sport en rekreaasje Sport Fryslân |
| Fan Omrop Fryslân: | | Houkje Rijpstra Ingrid Spijkers | Direkteur/bestjoerder Haadredakteur |
| Ofwêzich m.k. | : | Pytrik Kooistra Saapke van der Meer | Natuer en miljeu It Fryske Gea Tsjerkegenoatskippen en genoatskippen op tsjerklike grûnslach Ried fan Tsjerken Fryslân |
| Ferslach | : | Hiltsje Stremmer | Direksjesekretaresse |
| Lokaasje | : | Omrop Fryslân | Fideoromte |

1. Iepenjen

Foarsitter Fokkema ropt elkenien it wolkom ta.

2. Oanwizing Regionale Omrop 2026 – 2030

Foarsitter jout oan dat de Mediaried hjiroer altiten goed bypraat is troch de direkteur. Bestjoerder lit oanfoljend witte dat Provinsjale Steaten de oanwizing as hammerstik behannele hat en it advys jûn hat om de Omrop oan te wizen as media-ynstelling foar de provinsje Fryslân foar de kommende konsesjeperioade. De konkurrint ORT-frl kin noch foar 11 desimber oankommende yn beswier; dat beswierstik wurdt belutsen by it beslút fan it Commissariaat foar de Media (CvdM) It CvdM hat oanjûn dat dat foar 16 desimber o.k. wêze sil. Dêrnei kin de konkurrint lykwols ek noch yn berop gean. De Omrop krijt dan wol in definitive oanwizing fan 1 jannewaris 2026 ôf. Undúdlik is wat der bart as der wat oars besluten wurdt; nimmen hat dat earder meimakke.

Der is no oerlis mei it CvdM oer de folgjende proseduere fan oer fiif jier. Yn elk gefal dat de regionale omroppen net mear in iepenbiere oanbesteging fan fiif jier trochmoatte; dêr binne de regionale omroppen eins te grut foar en dêrneist bringt dat ek de rol as rampenstjoerder yn gefaar. De regionale omroppen soene eins in taakomrop wurde moatte, jout bestjoerder oan. Omdat dizze situaasje noch nea yn Nederlân foarkommen is, sjogge alle regionale omroppen mei grutte nijsgjirrigens hjirnei.

Foarsitter jout komplimenten hoe't it bestjoer dit oanpakt hat. Nut en needsaak fan Omrop Fryslân binne sa wol dúdlik wurden.

3. Programma-saken

- Foarútsjoch Kryst/Winter 2025/2026 (sjoch taheakke presintaasje fan Ingrid Spijkers)
Haadredakteur lit witte hokker programma's der by 'Wolkom yn 'e Winter' útstjoerd wurde rûnom Kryst en âld/nij en dêrnei de Start fan 2026.

Ein jannewaris sil der úteinset wurde mei in nije foarm fan Fryslân Hjoed, mei in oar type items, wat flugger en losser en der sil mear gebrûk makke wurde fan grafyske eleminten; items dy't ien op ien online set wurde kinne.

By de gemeenteriedsferkiezingen op 18 maart wurdt gearwurke mei de streekomroppen en de oare dei is der in kombinearre live útstjoering op radio en tv mei de útslaggen. Mei Keningsdei wurdt yntinsyf gearwurke mei RTV NOF, ek yn de oanrin nei Keningsdei. De dei sels sil de NOS de registraasje dwaan en is de Omrop dêr ôfhinklik fan.

Foarsitter: it liket goed te gean mei de gearwurking mei bygelyks RTV NOF. Hoe giet it mei de oare omroppen? Mei Zilt giet it wat minder op it stuit troch personele problemen dy't der wiene, mar dêr wurdt oan wurke en liket de goeie kant op te gean. By Radio Spannenburg is der foar keazen om Ronald van der Pol, meiwurker fan de Omrop dêr foar twa dagen te stasjonearjen. En dêrneist is der in sjoernalist dy't by de Omrop en Spannenburg wurkje sil. Dêrneist binne we yn petear mei Smelne FM, Stellingwerven en Súdwest, lit haadredakteur witte.

Foarsitter merkt op dat dizze ûntwikkelingen oandacht freegjen bliuwe, mar dat it goed liket foar de takomst.

b. **Programma útljochtsje/feedback: Fryslân fan 'e moarn**

Fan út de Mediaried binne der de folgjende opmerkingen.

Akkie Lindeboom jout oan dat it profesjoneel op har oer komt, net mei flauwe grappen oer en wer. It hoecht ynhâldlik net swierder.

Nynke Beetstra jout oan it ûnderdiel 'út oare media' aardich om te hearren te finen; der is in soad muzyk en de ynterfjoews binne net al te lang (mear). Der soe noch wol wat mear fariaasje yn de muzyk kinne. It programma is goed en it oantal werhellingen falt ta.

Jan Teade Kooistra, fynt it in aardich programma, it waar komt foarby en de kranten wurde by del gien. De wichtichste dingen fan de dei komme yn it foar foarby.

Anne Jochum de Vries is fan miening dat it altiten maklik/flot troch giet; it is in noflik programma foar op de achtergrûn, as je moarns dwaande binne.

Foar Afke Bruinsma is it in programma foar ûnderweis nei it wurk. It foarútsjoch nei de dei is hiel noflik en de skeakeling nei oare programma's. Mar de muzyk is fan alles wat, dêr sit gjin line yn, is wat har oanbelanget fierstente breed. Hokker idee sit der achter?

Haadredakteur jout oan dat it wol it doel is om it wat breed te hâlden.

De measte leden hawwe it idee dat it programma de lêste tiid flotter wurden is.

Haadredakteur stelt dat dat ek mei it presintaasjeduo te krijen hat.

Marrit de Schiffart sjocht faak op de app en is fan miening dat radio dan net mear safolle tafoecht, want hat it nijs al op app lêzen. Set de radio wol oan foar it regionale lûd.

Bestjoerder jout oan dat dat ek de ûntwikkeling is dy't de Omrop sjocht. In ferbinende rol fan de radio troch de Fryske taal en muzyk.

Marrit de Schiffart freget oft der ek sjoen wurdt nei de balâns by de presintaasje fan man/frou? Haadredakteur jout oan dat dêr noch wol oan wurke wurde moat, it hat omtinken. Dat jildt itselde foar TV.

Haadredakteur: radio is in ferbinend kanaal, mar net mear in spesifyk nijskanaal; allinnich as der wat gruts te fermelden is. Radio krijt hjirmei de kommende tiid in oare rol.

Foarsitter merkt hjirnei op dat it benammen positive punten binne dy't beneamd binne troch de Mediaried en dêrmei binne der de komplimenten foar Fryslân fan 'e moarn. Foarsitter seit elkenien tank foar de ynbring en haadredakteur Spijkers jout oan dat se alle opmerkingen meinimt nei de redaksje.

4. Jierplan:

It jierplan leit foar kundskip foar.

Akkie Lindeboom: Der stiet yn it jierplan dat der in oanpassing komme sil fan acht nei fjouwer einredakteuren; giet dat by natuerlik ferrin? Haadredakteur lit witte dat dat út de eigen einredakteuren kaam is, omdat it op dit stuit net goed rint. De fjouwer einredakteuren sille út de operaasje helle wurde (binne no noch meiwurkjend). We sjogge yn- en ekstern; it is in reorganisaasje, mar sûnder twongen ûntslaggen. It doel is om it sa yn te rjochtsjen dat online en socials de earste kanalen binne.

De eksterne financiering fan Buro Lokaal wie ôfrûn, mar komt dêr noch wat foar yn de plak?

Bestjoerder lit witte dat de Omrop twa jier lang subsydje hân hat fia de RPO foar de gearwurking mei de streekomroppen, dat rint ein fan dit jier ôf. We hawwe krekt te hearren krigen dat dat takom jier noch in skoftke troch giet; mar ek sûnder dy finansiering set de Omrop dizze gearwurking troch.

Der stiet in protte op stapel merkt foarsitter op en winsket bestjoerder en haadredakteur in soad sukses mei de reorganisaasje.

5. Achterban-byienkomst 2026

- a. Presintaasje oer AI binnen de Omrop (troch Martin Smid, haad technyk en Mathijs de Jager, AI-engineer) Sjoch taheakke presintaasje.

Fan út de Mediaried wurdt frege nei de ûntwikkelingen fan de Fryske taal en AI. Mathijs de Jager jout oan dat dêr oan wurke wurdt yn grutter gearwurkingsferbân.

Der wurdt ek opmurken dat AI yn de takomst ek wol in konkurrint fan de mediabedriuwen wurde kin. Haadredakteur jout oan dat we dêrfoar Google Discover goed yn rjochtsje moatte, sadat minsken mei in syk-opdracht earst by ús útkomme en we moatte sjen litte dat we betrouber binne en unike kontent bringe, AI hallusinearret no noch wol faak. Fierder kinne we dêr net safolle oan dwaan, der sil yn Europeesk ferbân begrinzge wurde moatte.

Haadredakteur lit witte dat RTV Rijnmond foar de ferkiezings in eigen chatbot boud hat, dat sil mei de gemeenteriedsferkiezings testen wurde by de Omrop; foarearst noch wol yn de Nederlânske taal. De partijen moatte sels de ynformaasje ynbringe; it is gjin stim-advys, mar mei ynhâldlike fragen. Heard by de Omrop syn demokratyske taak is de haadredakteur fan miening.

Soe AI yn de takomst de ûnôfhinklikens fan de sjoernalistyk ek mear boargje kinne, freget Jan Teade Kooistra. Haadredakteur jout oan dat dat no yn alle gefallen noch net sa is, it bliuwt it feit dat it kontrolearre wurde moat troch in minsk.

Op fersyk fan Tina Lageweg wurdt it fyzjedokumint nei de leden ferstjoerd → **aksje neistjoere**

- b. Oanpak achterban-gearkomste:

Earder is ôfpraat om mei in bepaalde achterban oer dit tema yn petear te gean en doe is oppere om hjirfoar it ûnderwiis of de wurkjouwers ôf beide groepen út te nûgjen. Dat wurdt bepraat.

Tina Lageweg fynt dat it nijsgjirrich is hoe't it ûnderwiis foarop rinne kin op de wurkjouwers. Afke Bruinsma is fan miening dat it goed is om yn elk gefal it ûnderwiis der by te belûken, it spilet op alle ferskate terreinen en freget ek om oare feardichheden.

Sjocht haadredakteur der genôch foar de Omrop yn? Ingrid Spijkers jout oan dat it goed foar de Omrop wêze soe om te sjen wêrmei't it ûnderwiis en de wurkjouwers hjirby wrakselje. Afke Bruinsma: Yn Grins wurdt in grut AI-sintrum bout, dêr binne in soad ferskate partijen by belutsen, dat soe ek nijsgjirrich wêze kinne.

Ofpraat wurdt dat besocht wurde sil om partijen út it ûnderwiis en wurkjouwers hjirfoar út te nûgjen. Der sille fragen steld wurde oer hokker kant we op geane en hoe't we inoar dêrmei stypje kinne. De Omrop is ek dwaande mei de ferkenning en dat moat ûngefear de opmaat wêze foar de útnûging.

De wurkgroep sil tegearre mei de haadredakteur in oantal útgongspunten op papier sette en mei data-opsjes foar de gearkomste komme. Op fersyk fan de haadredakteur sil de gearkomste net earder plak fine as nei de gemeenteriedsferkiezingen fan 18 maart.

Foarsitter seit Martin Smid en Mathijs de Jager tank foar de presintaasje en oanfoljende ynformaasje.

6. Meidielingen

- Fuotbalblog: dêr is ferlet fan en kin folge wurde op ús web/app lit haadredakteur witte. Der is mei de sport bepraat om de kommende jierren te hifkjen hoefolle der harke wurdt nei ús radio-live ferslach. As de sifers mei de tiid sakje, dan sille we dêr mei ophâlde en giet it nei de web/app. Doeke Fokkema merkt op dat hy gelyk nei it live-ferslach noch wol ferhalen oer de wedstriid hearre wolle soe. Haadredakteur jout oan dat dat te folle tiid kostet; dizze ferhalen komme de oare deis online of op de radio.
- Betrouwen yn de Omrop: Foarsitter jout oan dat dat moaie sifers binne. In 7 is in goed sifer, lit haadredakteur witte. De oare beneamingen (TikTok ensfh.) giet net oer de Omrop, mar wurdt bedoeld oer it algemien oer it kanaal. Dit ûndersyk is net per omrop dien, mear yn de algemienheid fan de regionale omroppen.
- Foarsitter Fokkema lit witte dat hy op 18 desimber oankommende ynstallearre wurde sil, sa't it no stiet foar de tiid fan in heal jier, as wethâlder fan de gemeente Tytsjerksteradiel. It liket der op dat dat de gearkomsten fan de Mediaried fan 2026 net yn it paad sitte sil.

7. Roaster fan ôfgean

Foar kundskip leit it roaster fan ôfgean. Der is noch gjin nijs oer de opfolging fan Daniëlle Vollema-Gort.

Foar it kommand jier (twadde helte 2026) binne der trije leden dy't yn oanmerking komme foar in werbeneaming, te witten: Tina Lageweg, Doeke Fokkema en Nynke Beetstra.

Nynke Beetstra jout oan dat se har sit yn de Mediaried fan ôf 1 juny 2026 graach opsizze wol. Fan út de Fryske Beweging is Pieter de Swart, dosint fan it Firda, ree fûn om har op te folgjen by de Mediaried. Yn de earstkommende gearkomste fan de Mediaried sil dizze foardracht op de wurklist komme te stean → **aksje wurklist 2 maart 2026**

8. Ferslach en aksjelist

a. Ferslach 15 septimber 2025

Side 3: Doeke Fokkema freget nei it proses fan de oanpassing fan de eveneminten: Ingrid Spijkers lit witte dat der in konseptstik fan de wurkgroep leit. Der is in advys útkaam wat ynkoarten bepraat wurde sil. It is wol dúdlik dat guon eveneminten oars oanpakt wurde sille en dêrneist sille we bygelyks ophâlde mei de registraasje fan Liet sa't dat earder dien waard, en sille de Freule, de Froulju's PC en it fierljeppen oars brocht wurde as foargeande jierren.

Dêrneist binne der kommend jier ek in soad oare projekten dy't de Omrop oppakke moat, lykas de Gemeenteriedsferkiezings, de Keningsdei yn Dokkum en Sail Harns. It proses giet noch troch.

b. Aksjelist:

- *Kontakt Ried fan Kommissarissen:* Foarsitter jout oan dat dat foar elk jier op de aksjelist stiet, de fraach is lykwols oft dat alle jierren plak fine moat, it moat net alle jierren in werhelling wêze. De aksje bliuwt wol op de list stean. De Mediaried giet hjirmei akkoart. Foar takom' jier wurdt dit kontakt ferskood nei it twadde heal jier.

9. Omfreegjen:

- Feedback Mediaried: De Mediaried wurdt frege om feedback oer de nije *Fryslân Hjoed* dy't fan ôf ein jannewaris 2026 úteinset. Yn de gearkomste fan 2 maart 2026 sil dat bepraat wurde.
- Tina Lageweg wol alle leden fan de Mediaried útnûgje foar it Fryske Music Gala foar it Foppe fûns op 14 jannewaris 2026. Fia de mail sil noch in útnûging ferstjoerd wurde mei de gegevens.

10. Sluten

Foarsitter Fokkema seit elkenien tank foar de oanwêzigens en ynbring. De gearkomste wurdt om likernôch 18.00 oere ôfsluten.